

WYLST DE WRÂLD FAN WILLE SKATTERT

IN FRYSK REKWIEM

wurden Eppie Dam *muzyk* Jan de Jong

wannear: 10 novimber
wêr: Martinitsjerke, Breedeplaats 2, Frjentsjer
hoe let: 15.30 oere

Con Amore Musica - û.l.f. Gerben van der Veen
Netty Otter - mezzosopraan
Ben Brunt - bariton
Edith Bakker - sopraansaksofoan
Jan van Liere - piano
Nationaal Symfonisch Kamerorkest

Eppie Dam en Jan de Jong

Dichter Eppie Dam en komponist Jan de Jong foarmje al fyftjin jier in produktyf twaspan. Se passe elkoar blykber goed, sa te sjen oan alle produksjes dy't altyd de hân fan beide ferriede. Dam syn geastlik repertoire is rjochte op 'e ierde, nimt ferantwurdlikheid foar it libben en jout romte yn geloof. De Jong slút dêr mei syn basale komposysjes – skaaimerk: de minsklike grûntoan – alhiel bij oan. Soms tilt de muzyk wurden even nei in heger plan sûnder himels te wurden.
Yn 2008 sette it duo útein mei it advintsoratoarium *Alles ademt veelbelovend*, yn 2010 folge troch *Wylst de wrâld fan wille skattert*, it Frysk Rekwiem dat fjirtjin jier letter in reprise belibbe. Yn 2011 ferskynde *Ut genegen fjoer: refleksjes op de skepping,* dêr't tagelyk in Nederlânse ferzy fan útkaam: *Uit de chaos het licht: reflecties op de schepping.* Yn 2014 seach *Mei de adem fan Eden it ljocht,* gearstald troch Dam, mei fragminten út 'De Skepping' fan de Fryske natuerdichter Jan Ritskes Kloosterman (1847-1914). Yn 2019 folge in bysûndere dûbelproduksje: kantates yn beide talen, basearre op bibelse tekstylkollaazjes fan de Britse Sue Symons. Te witten: *Ien minske makket it ferskil* en *Eén mens maakt zomaar het verschil.*

Yn 2023 folge opnij in twatalige produksje: *De hertslach fan in stjer, kantate oer it ljocht dat altyd socht hat om ús lok.* Yn oersetting klinkt dat: *De hartslag van een ster, cantate van het licht dat altijd zocht om ons geluk.* Dat wie ek it jier dat *Doodtij en levend water* útkaam, mei as ûndertitel: *Cantate van zoeken naar de bron van behoud.*
In resint projekt fan Dam en De Jong is in kantate op basis fan teksten en ideeën út 'De profeet' fan Khalil Gibran (1883-1931), ûnder de titel: *Folgeling fan leafde*, ferskynd yn 2024. Ein dat jier sil *Mem fan ljocht* útkomme, in Frysk Stabat Mater, oer Maria steande oan it krús om it ûndraachlike te fernearen Eppie Dam en Jan de Jong soargen de ôfrûne trije desennia dêrneist foar in mannichte oan geloofslieten dy't har wei fûnen nei ferskate sammelbondels, Fryske likegoed as Nederlânse. Sawol komponist as dichter binne meardere kearen ûnderskieden foar bijdragen oan 'Het vrije lied', it lanlik inisjatyf foar tsjerkelietfernijing, ien kear yn 't jier organisearre troch de Remonstranten yn Utrecht. Yn dyselde stêd wûn De Jong earste en twadde prizen yn it ramt fan it Oecumenisch Liedfestival.

Tagongskaartjes à € 17,50 binne fan in oere foar it begjin te krijen yn 'e Martinitsjerke.
Betelje mei PIN of QR.
www.academiefraneker.nl/agenda/oer-alles-evenementen-rond-eppie-dam